

Hoe giet Kieskompas mei myn persoansgegevens om?

Us privacy- en cookieferklearring

- **Wa binne jim?**

Kieskompas is in partikulier bedriuw, oprjochte yn 2006. It ûndersyksynstitút is folslein ûnôfhinklik, hat wittenskiplike woartels (it is mei oprjochte troch de Vrije Universiteit Amsterdam) en operearret ynternasjonaal. It Kieskompas team wurdt foarme troch in groep belutsen en entûsjaste wittenskippers.

- **Wêrom sammelje jim gegevens?**

Wy sammelje gegevens foar wittenskiplik ûndersyk yn de politike wittenskippen. Dat ûndersyk is net allinnich nuttich foar it útfieren fan ynformative data-analyses, mar stelt oerheidsynstânsjes en oare relevante ynstellings ek by steat om op data-basearre belied te fieren. Yn guon gefallen foarsjogge wy ek oare akademisy fan anonimisearre data foar harren ûndersyksprojekten. Wy diele de analyses dy't wy útfiere mei media en oare organisaasjes, lykas oerheidsynstânsjes en net-gûvernemintele organisaasjes (NGO's). Sa besykje wy heechwaardige rapportaazje oer politike en maatskiplike mieningen te befoarderjen. Dizze analyses binne nea werom te fieren op yndividuele persoanen. It giet altyd om donimisearre en aggregearre data.

- **Hoe sammelje jim gegevens?**

Wy sammelje gegevens mei help fan online tools en fia doelfêste panelûndersiken. Us bekendste tool is in online stimhelp (ek wol in Voting Advice Application of VAA) neamd it "Kieskompas". Mear as 60 miljoen minsken yn mear as 40 lannen hawwe gebrûk makke fan in Kieskompas-stimhelp. Dizze tool helpt kiezers in better ynformearre en op feiten basearre stimkar te meitsjen.

- **Hoe brûkt Kieskompas cookies?**

Cookies binne lytse tekstbestannen dy 't op in kompjûter, mobyl of oar apparaat pleatst wurde by in besite oan hast elke webside. By jo besite meitsje wy gebrûk fan Google Analytics, dit dogge wy neffens de regels fan de Autoriteit Persoonsgegevens. Dêrfoar hawwe wy in ferwurkingsoerienkomst sletten mei Google en it lêste oktet fan jo IP-adres maskearre. Wy pleatse dêrfoar in privacy-freonlike analytyske cookie om besikersstatistiken te sammeljen. Wy diele gjin gegevens mei Google en brûke gjin oare Google-services yn kombinaasje mei de Google Analytics-cookies.

Wy pleatse allinnich dizze analytyske cookie, en gjin tracking of funksjonele cookies. Tracking of funksjonele cookies wurde faak brûkt om it gedrach fan besikers op in webside of applikaasje te mjitten en analysearjen of om in sesje op in webside iepen te hâlden. Wy hawwe der bewust foar keazen om sokke cookies net te brûken.



- **Watfoar gegevens sammelje jim krekt mei de Kieskompas-stimhelp?**

Yn in Kieskompas-stimhelp freegje wy jo - neist it beäntwurdzjen fan de stellingen - om in tal oanfoljende fragen yn te foljen. Bygelyks jo geslacht, bertejier, heechste opliedingsnivo, diel fan it postkoadegebiet en politike foarkarren. (Hjirûnder fine jo in folsleine list fan de gegevens dy't wy sammelje.) It is goed om te witten dat jo der ek foar kieze kinne om dy oanfoljende fragen net te beäntwurdzjen en allinnich de stellingen te beäntwurdzjen. Hoewol't it beäntwurdzjen fan dizze fragen net ferplichte is, hoopje wy dat jo dat wol dwaan wolle. Dizze gegevens binne nammentlik tige relevant foar wittenskiplik ûndersyk. Jo krije altyd it resultaat fan it Kieskompas te sjen, ek al kieze jo der foar om de oanfoljende fragen net te beäntwurdzjen. De antwurden yn de Kieskompas-stimhelpen dy't gjin persoansgegevens befetsje, wurde foar ûnbepaalde tiid bewarre.

Yn de Kieskompas stimhelp freegje wy jo ek om jo e-mailadres efter te litten en om jo tastimming útnûge te wurden foar dielname oan online wittenskiplike ûndersiken. Dêrtroch is de Algemene Verordening Gegevensbescherming 2016/679 (AVG) fan tapassing. Wit dat **it ynfoljen fan Kieskompas stimhelp altyd folslein anonym is**: wy meitsje gjin keppeling tusken jo e-mailadres en de antwurden op de achtergrûnfragen en de stellingen.

Mear ynformaasje oer de gegevens dy't wy sammelje yn de Kieskompas-stimhelp fine jo yn de ûndersteande tabellen:

Type gegevens dy't sammele wurde yn de <u>Kieskompas-stimhelp</u>	Tastimming net fereaske	Automatysk	Nei tastimming
Antwurden op de stellingen	✓		
Tiid van foltôgjen		✓	
Browsergegevens		✓	
Logbestannen oer it ferkear op de side		✓	
Aggregarre lokaasjegegevens (lykas de stêd en provinsje dêr't jo Kieskompas brûke)		✓	
Ynformaasje oer jo apparaat (type, browser)		✓	
Achtergrûngegegevens (berteijer, geslacht, ûnderwiis en part fan de postkoade of in gruttere geografyske ienheid)	✓		
Bysûndere persoansgegevens (partijfoarkar, miening oer partijlieders en stimgedrach)	✓		
E-mailadres (om jo út te nûgjen foar wittenskiplik ûndersyk)			✓

LET OP: Hâld der rekken mei dat ús gegevens gjin IP-adressen befetsje en alle (persoans)gegevens dy't sammele wurde mei de Kieskompas stimhelp folslein anonym bliuwe. Sels as jo jo e-mailadres efterlitte. As jo meidogge oan in survey, freegje wy jo eksplisite tastimming oan it begjin fan in survey (foar't it sammeljen fan data úteinset).



- **Is it oanleverjen fan jo e-mailadres wol feilich?**

Absolút! De iennichste persoansgegevens dy't Kieskompas oer brûkers opslacht, nammentlik it e-mailadres, kinne op gjin inkelde wize keppele wurde oan de antwurden dy't jo jouwe. De gegevens wurde ferwurke en opslein troch ús IT-tsjinstferliener. Tusken Kieskompas BV en de IT-tsjinstferliener bestiet in juridysk binende ferwurkingsoerienkomst. De sammele gegevens besteane altyd út trije bestannen: (1) in koadeboek, (2) in anonime dataset en (3) in befeilige bestân mei e-mailadressen, dat skieden hâlden wurdt fan oare bestannen. Nei elk projekt wurdt it bestân mei e-mailadressen fan de servers ôf helle en opslein op eksterne hurde skiven, dy't net mei it ynternet ferbûn binne en befeilige binne mei in unike ynlochnamme en wachtwoord. Foar mear ynformaasje oer wat der mei jo e-mailadres bart, sjoch hjirûnder.

- **Watfoar gegevens sammelje jim mei Kieskompas ûndersiken?**

E-mailadressen wurde allinnich brûkt om jo út te nûgjen foar (oanfoljend) wittenskiplike (longitudinaal) ûndersiken, hjirnei ek: "(online) enkête". It kin wêze dat jo op koarte termyn in útnûging foar in ûndersyk krije, mar dat kin ek nei in pear jier barre. Dêrom bewarje wy jo e-mailadres in lange perioade, mar foar maksimaal 15 jier. As jo benadere wurde foar in online enkête, kinne jo fansels wegerje diel te nimmen en/of jo ôfmelde. Foardat respondinten oan ús enkêtes meidogge, wurdt harren om eksplisite tastimming frege. Respondinten kinne harren tastimming altyd ynlûke sûnder dêr neidiel fan te ûnderfinen.

Wy hâlde jo e-mailadres skieden fan oare gegevens. Dêrfoar wurde fuortendaliks unike 'kaaien' oan de e-mailadressen fan de respondinten takend (pseudonimisaasje). Dat makket de pseudonimisearring fan enkêtegegevens mooglik. Pseudonimisaasje makket it mooglik om longitudinaal ûndersyk te dwaan en de gegevens fan meardere enkêtes dy't troch deselde respondinten ôfnommen binne mei-inoar te ferbinen sûnder gebrûk te meitsjen fan persoanlike gegevens. Yn stee dêrfan wurde kaaikoades brûkt om sokke gegevens te ferbinen.

Kieskompas ûntwikkelet wittenskiplik panelûndersyk troch gebrûk te meitsjen fan de tsjinsten fan Qualtrics - in GDPR-konfoarme cloud-based softwareoplossing foar online enkêtes. De gegevens dy't yn de online-enkête sammele wurde, wurde by ûntfangst direkt pseudonimisearre, wat betsjut dat alle (automatysk *) sammele persoansgegevens ferwidere wurde (sjoch foar mear ynformaasje de tabel hjirûnder).

As tredde ûndersyk dogge mei gegevens, wurkje se allinnich mei folslein anonimisearre gegevens dy't op gjin inkelde wize werom te lieden binne ta natuerlike persoanen.

Yn de tabel hjirûnder wurdt mear ynformaasje jûn oer de gegevens dy't yn de Kieskompas-enkêtes sammele binne:

Type gegevens dy't sammele wurde yn <u>online survey</u> <u>onderzoeken</u>	Nei tastimming	Nei eksplisite tastimming
IP adres*	✓	
Lokaasjegegevens by benadering (lingte- en breedtegraad)*	✓	
Begjintiid en eintiid	✓	
Tiid fan foltôging (yn sekonden)	✓	
Achtergrûngegegevens (bertejer, geslacht, oplieding en part fan de postkoade of in gruttere geografyske ienheid)		✓
Bysûndere persoansgegevens (partijfoarkar, politike opinys en stimgedrach)		✓
Antwurden op addisjonele surveyfragen		✓

• Kontakt mei Kieskompas

Kontakt mei Kieskompas BV oer data of privacy relatearre fragen kin fia e-mail (info@kieskompas.nl) of telefoanysk (+31 (0)20 -737 3008). Jo kinne ek kontakt opnimme mei Yordan Kutiyiski – de Kieskompas Data Protection Officer (DPO) fia e-mail (yordan@kieskompas.nl), of it earder neamde telefoannûmer. De e-mails dy't wy ûntfange fan respondinten wurde oant twa jier nei it beäntwurdzjen fan de fraach bewarre foar trainingsdoelen. De Kieskompas kontaktgegevens kinne troch brûkers op ferskate wizen fûn wurde. Dit makket it foar brûkers maklik om harsels te ynformearjen of om har gegevensrjochten út te oefenjen. Oanfoljende kontaktgegevens fan Kieskompas fine jo hjirûnder:

- Kieskompas BV
Rombout Hogerbeetsstraat 78
1052 XH Amsterdam
Nederland

By elk kontakt fan Kieskompas mei in brûker wurdt dit dokumint fan tapassing, ynklusyf kontaktgegevens, itsij mei in direkte link of mei in link nei de webside. Oan it begjin fan elke Kieskompas-stimhelp wurdt in cookiemelding toand en as (gefoelige) persoansgegevens frege wurde, ferskynt der in pagina dêr't jo (eksplisite) tastimming jaan moatte.

• Jo gegevensrjochten

Kieskompas wol der graach foar soargje dat jo folslein op de hichte binne fan al jo rjochten op it mêd fan gegevensbeskerming. Elke Kieskompas brûker hat rjocht op de folgjende rjochten

Rjocht fan tagong: Jo ha it rjocht om kopyen fan jo persoansgegevens op te freegjen by Kieskompas.

Rjocht om fergetten te wurden: Jo hawwe it rjocht om te fersykjen dat jo persoansgegevens wiske wurde. Om de feilichheid fan it "rjocht om fergetten te wurden" te garandearjen, freegje wy brûkers dy't harren gegevens wiskje wolle om ús te e-mailen fan it e-mailadres ôf dat by ús bekend is. Sûnder in by ús bekend e-mailadres kinne wy gjin gegevens oan jo keppelje en mei jo diele. Wannear't in folsleine oanfraach yntsjinne wurdt, sil de Data Protection Officer (DPO) de gegevens fan de brûker opsykje en keppelje om dy te wiskjen.



Rjocht op gegevenskorreksje: Jo ha it rjocht om kieskompas te fersykjen alle ynformaasje te korrizjearjen dy't jo net korrekt achtsje. Ek ja jo it rjocht om te freegjen dat Kieskompas ynformaasje oan te foljen dy't jo net kompleet achtsje.

Rjocht op gegevensportabiliteit: Jo hawwe it rjocht om de persoansgegevens oan Kieskompas streekrjocht oan in oare ferwurkingsferantwurdlike oerdrage te litten, as dat technysk helber is.

Rjocht op beheining fan de ferwurking: As alternatyf foar "it rjocht om fergetten te wurden" hawwe jo it rjocht om te fersykjen dat Kieskompas de ferwurking fan jo persoansgegevens ûnder bepaalde omstannichheden beheint. Dit kin wêze omdat jo problemen hawwe mei de ynhâld fan de ynformaasje dy't Kieskompas hat of de Kieskompas harren gegevens ferwurke hat.

Rjocht om beswier te meitsjen tsjin ferwurking: Jo hawwe it rjocht om ûnder bepaalde omstannichheden beswier te meitsjen tsjin de ferwurking fan jo persoansgegevens troch Kieskompas.

Rjocht om in klacht yn te tsjinjen: Brûkers fan Kieskompas hawwe it rjocht om in klacht yn te tsjinjen by in tafersjochhâldende autoriteit, oangeande de wize wêrop't Kieskompas harren gegevens ferwurket. De Nederlânske tafersjochhâldende autoriteit op it mêd fan gegevens is de Autoriteit Persoansgegevens.

Om derfoar te soargjen dat harren rjochten feilich útfierd wurde, freegje wy brûkers ús in e-mail te stjoeren fan it by ús bekende e-mailadres ôf. Sûnder in by ús bekend e-mailadres kinne wy jo gegevens net identifisearje. Wannear't in folsleine oanfraach yntsjinne wurdt, sil de Data Protection Officer (DPO) derfoar soargje dat jo rjochten neilibbe wurde.